

## **Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde**

**Kenmerk van de vraag** : 21-14  
**Datum indienen vraag** : 13 april 2021  
**Naam vraagsteller** : Hr. IJ. van Kammen  
**Portefeuillehouder** : Mefr. P.M. Jonker  
**Ambtenaar** : Hr. H. van der Meer  
**Datum akkoord college** : 2 juli 2021  
**Zaaknummer** : Z2020-01659

### **Underwerp**

Leverjen elektrysk

Op 13 april 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer leverjen fan elektrysk. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

### **Ynlieding**

Út de media en ek troch de presintaasje fan Liander op de ynformaasjekarrûsel, docht bliken dat Liander soms net oan harren ferplichting fan levering foldwaan kin. Yn de LC wie te lêzen dat de oarsaak dêrfan socht wurde moast yn de oerbelêsting fan it netwurk troch de oanlevering fan stroom fan de sinnegreiden en de sinnepanelen op wenten en gebouwen. Nei oanlieding fan dizze berjochten ha we as FNP hjiroer de folgjende fragen:

### **Fragen**

1. Spylje dizze swierrichheden ek yn ús gemeente?
2. Sa ja, kin it kolleezje dan ek oanjaan wêr't dat spilet?
3. Kinne de nije bedriuwen op yndustryterrein Lauwerskwartier fase 2 wol oansluten wurde?
4. Hoe komt it mei it oansluten fan de nijbouwenten yn de doarpen?
5. Hat de sinnegreide yn Bûtenpost dêr ynfloed op ?
6. Hat it kolleezje al yn oerlis west mei Liander oangeande dizze problematyk?

### **Reaksje kolleezje**

1. Ja, dit spilet ek yn ús gemeente.
2. It spilet foaral by de ferdielstasjons fan Surhústerfean en Koatstertille-Twizel (sjoch ek de bylagen), mar bygelyks ek op in transformatorstasjon foar it leechspanningsnet yn Bûtenpost.
3. Nije bedriuwen kinne foar it ôfnimmen fan stroom altyd oansluten wurde. It weromleverjen fan stroom fan sinnepanelen oan it net kin net altyd garandearre wurde. Foaral by grutferbrûkers (>50 kW/ 150 panelen) kinne problemen ûntstean.
4. Nijbouwenten kinne altyd oansluten wurde foar it ôfnimmen fan stroom fan it net en meastentiids kin der ek wol weromlevere wurde oan it net. Mar ek by de wenten kin dit net altyd garandearre wurde. Sa binne der bygelyks problemen mei it oansluten fan de sinnepanelen fan in seistal nijbouwenten fan SWA oan de Halbertsmastrjitte yn Bûtenpost op in oerbelêst transformatorstasjon foar it leechspanningsnet.

5. De sinnegreide fan Bûtenpost leveret in protte stroom oan it net, wêrtroch't it middenspanningsnet op sinnige dagen wol folreitsje kin. Liander is drok dwaande de nedige oanpassingen te dwaan sadat dizze problemen ferholpen wurde, mar dêr giet wol tiid en jild yn sitten. It kin samar in pear jier duorje foardat in middenspanningsstasjon oanpast is. It is technysk behoarlik yngewikkeld. In trafo is gauwer te dwaan, mar ek dan binne jo samar in jier fierder.
6. Wy binne geregeldwei mei Liander yn oerlis, sawol gemeentlik as yn RES-ferbân. Wy sjogge dat Liander syn bêst docht om de problemen sa gau as mooglik op te lossen, mar wy sjogge ek dat de finansjele en technyske mooglikheden fan Liander beheind binne.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris,

boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong

hr. mr. O.F. Brouwer